

Frysk en Standertfrysk: ôffreding, op- en útbou (I)*

It is algemien erkend dat it Frysk in tuskenposysje ynnimt tusken folkstaal en kultuertaal. Dat makket ûnder oare dat it noch net in folslein útboude standert hat, ek al ûntjout it him wol mear yn dy rjochting. It stribjen nei in beskate noarm fan it Frysk hat lykwols al in lange skiednis. Sytze T. Hiemstra, ûnderwiiskundich meiwurker fan Lyndensteyn te Beetstersweach en lesjouwer didaktysk foech fan de Afûk, giet yn twa artikels yn op de skiednis fan it taalnoarmbesef yn Fryslân. Yn ûndersteand artikel (diel I) wurdt yngien op it taalnoarmbesef fan twa skriuwers út de 17de en 18de ieu: Gysbert Japicx en Johannes Hilarides.

S.T. Hiemstra

Ynlieding

Yn dit en in neikommend artikel stiet de fraach sintraal wat der rekkene wurde kin ta 'it Frysk' en wat der ferstien wurde kin ûnder 'Standertfrysk'. Ik pleats dy fraach safolle mooglik yn de kontekst fan it stribjen fan de Fryske bewegens en de Fryske beweging om it Frysk in better plak te jaan yn de maatskippij.

Yn 'e rin fan de tiid is der hiel wat foarwurk dien troch taalbodders, taalwarders en taalstriders, ek as it giet om de foarm fan de taal sels. In goede taalsoarch en goede taalnoarmen achtsje ik tige fan belang as it giet om de ôffreding fan it Frysk en de útbou fan dy taal nei in Standertfrysk. It skieden fan de begripen 'Frysk' en 'Standertfrysk' betsjut lykwols net dat it Standertfrysk allinnich oerbliuwt as 'goed Frysk'. Dialektfoarmen fan it Frysk bliuwe út soarte 'Frysk' (sjoch ek myn artikel oer 'Noarm en Standert' yn De Pompeblêden, 1995).

Noarm en ideology

Ik sjoch it Fryske selsbesef, it besef dat der in Frysk folk is mei in eigen identiteit, as de basis fan it stribjen om it Frysk, as ien fan de wichtichste uterings fan dy identiteit, yn stân te hâlden en (folle) mear te brûken yn it offisjele ferkear. Dat stribjen hâldt ek yn dat it Frysk op himsels sa suver mooglik brûkt wurde moat en útboud wurde moatte soe ta in (folsleinere) kultuertaal. It Frysk moat, mei oare wurden, wurde ta in taal dy't yn ûnderskate maatskiplike domeinen sosjaal sa folslein mooglik en taalkundich sa geef mooglik funksjonearret.

Lang hat it Frysk in tuskenposysje ynnommen tusken folks- en kultuertaal en nimt dat plak ta in hichte noch yn. Dochs kin der al in hiel hoart praat wurde fan in ferskowing yn de rjochting fan in kultuertaal. It ynslaan

fan dy rjochting is net mooglik sûnder in kritearium om it praten en skriuwen mei stjoere te kinnen. Sa'n kritearium is bygelyks benammen nedich as men ûnderwiis jout en as men dêr learmiddels foar makket. Mar dat is fansels net it iennichste domein; oare mêden binne likegoed yn it opkommen (bgl. amtlik en rjochtsferkear, media) en kinne dêr likemin sûnder.

Kultuertaal en folkstaal

Boppeneamd stribjen kin sadwaande net sûnder in noarm, dy't as in soarte fan mjitlatte njonken it taalgebrûk lein wurde kin en dy't der ta liedt dat minsken dy noarm as in foarbyld 'fan hoe't it moatte soe' foar eagen hâlde kinne. Elts dy't foar it Frysk wat út 'e wei sette wol en it stribjen nei in kultuertaal ûnderstretet, kin fandat net sûnder in *ideaalbyld* of *ideaalmodel* as beaken foar it winsklike taalhanneljen fan hjoed en fan moarn.

In kultuertaalmodel kin net los sjoen wurde fan de folkstaal; it sil dêr altiten syn woartels yn hawwe moatte. Tusken folkstaal en kultuertaal bestiet, as it goed is, in ûnderlinge wikselwurking, in 'dialektyske' ferhâlding. Dat is fan dy gefolgen dat in 'Standertfrysk' dat suver wurdlik yn it Hollânsk oerset wurde kin, de woartels fan it folksfrysk mist. Oan de oare kant sil yn de standerttaal de fariaasje yn dialektfoarmen lytser wêze (moatte) as yn de folkstaal. It 'postulaat' Standertfrysk sil dêrby útgean moatte fan in kern fan Fryskpratens, net fan minsken dy't oan 'e râne fan it Fryske taalgebrûk steane. De basis foar it kultuertaalmodel leit yn de 17de ieu, by Gysbert Japicx (1603-1666). Dêrom fertsjinnet dy tiid en benammen dy persoan ús omtinken as it om taalnoarmfragen giet.

De 17de ieu

Yn de 17de ieu is it dien mei it plak fan it Frysk yn it rjocht en it bestjoer. In weardefolle midsieuske tradysje is weiwurden. Der binne gjin skriuwers en fermiddens

mear dy't in taalnoarm ûntwikkelje kinne. It skriuwen yn it Frysk wurdt in útsûndering. It Frysk wurdt noch yn haadsaak praat op it plattelân. Under 'normale' omstannichheden is dat gjin basis foar (taal)noarmseleksje. Der falt ommers amper wat te normearjen.

Dochs lykje de eardere politike selsstannigens fan Fryslân en de midsieuske skreaune tradysje in rol te spyljen by it Fryske identiteitsgefoel en de taalideology. Yn it sok fan de belangstelling fan âldheidkundigen foar de Fryske skiednis fart de ynteresse foar de âlde Fryske taal as symboal fan Fryske identiteit en foar de âlde wetsteksten mei. De eardere tradysje fan it skreaune Frysk makket de wearde fan it 'boersk' fan de 17de ieu grutter.

Dy omstannichheden meitsje it (mei) mooglik dat yn 'e 17de ieu de Boalserter renessânse- en barokdichter en skoalmaster Gysbert Japicx (Holkema) modern literêr wurk fan hege kwaliteit skeppe kin. En dat er yn dat ramt ek in stavering en in kultivearre, literêre taal ûntwikkelet. Soks past alhiel by de algemien akseptearre regels foar taalsoarch en it jaan fan foarskriften yn dy tiid (Feitsma, 1989, 250). As Fryske renessânse-figuer stiet er winliken frijwol allinnich yn syn stribjen om, lykas Hooft en Vondel dat bygelyks yn it Hollânsk dogge, hegere literatuer yn de (Fryske) folkstaal te skriuwen.

Oan 'e ein fan de 18de, begjin 19de ieu wurdt de belangstelling foar de Fryske skiednis en de Fryske taal hieltiten grutter (Romantyk). Sjoerd van der Schaaf wiist derop dat dan by it folk de frijheidssêge noch altiten fuortlibbet. Hy neamt de Frjentsjerter hegeskoalle as sintrum dêr't, benammen yn de 18de ieu, it Fryske ferline en de Fryske taal wer ûntdutsen wurde soene. De grutste eare jout er lykwols Gysbert Japicx: 'Mar ien man mei jilde as de greate rêdder: de dichter Gysbert Japiks, dy't de tael fan it folk opheefd hat, foredele en smeid yn foarmen dy't lettere generaesjes oansprieken en ynspirearren. It wie syn dichterlik wurk dat, doe't de tiden foroaren, de earste oantrún jown hat ta in Frysk oplibjen en ta Fryske stúdzjes, dy't dan jimmeroan in greater fjild bestrieken.' (1977, 22).

Gysbert Japicx

Fan Gysbert Japicx binne út soarte net al tefolle libbensbysûnderheden bekend.



Gysbert Japicx (1603-1666) nei in skildering fan Matthys Harings yn it Frysk Museum.

Tamminga wit noch krekt twa anekdoaten op te tekenjen oer it libben fan de dichter sels. De betsjutting fan Gysbert Japicx as taalbouwer sprekt mear út in tredde, lytse anekdoate út 1908. Yn 'e simmer fan dat jier wurdt fanwegen it Selskip-1844 te Boalsert in Gysbert Japicx-feest holden. Yn syn bertehûs oan 'e Dylikker wurdt in tinkstientsje ûntbleate en sawol ds. S.K. Bakker as ds. S. Huismans hâlde yn de Martini- en Bruorretsjerke in Fryske betinkingsrede. Fierder hawwe de Boalserters de stêd fersierd en in histoaryske optocht yninoar set, dêr't Gysbert Japicx sels, mar ek figueren út syn *Rymlerye* by útbylde wurde. Under de omstanners is in Boalsserter wyfke dat oan har buorfrou freget: 'Die Grieze Japiks, wie waar dat eigenliks?' It antwurd is: 'Wel meens, die het de friese taal útfonnen!' (Tamminga, 1981, 13).

Dat mei dan wat oerdreaun wêze, dochs is it foar de taalopbou fan it Frysk fan belang en besykje wat te sizzen oer standerdisearringsfragen as *dialektsleksje* en de oandriuwing ta *distansjearring* by 'de grutte rêder' Gysbert Japicx. Yn guon artikels fan A. Feitsma komme sokke noarmaspekten op 't rabat (sj. de bibliografy). It neikommende is om dy reden benammen op har wurk basearre.

Dêrút komt nei foaren dat Gysbert Japicx de taal op ferskillende nivo's brûkt, mar dat er as literêre beweging folslein yn de geast en de trant fan de Renessânse in noarm neistribbet mei in 'elitêr' karakter (A. Feitsma, 1967, 1; 1987, 57). De sprek-

taal dy't er werjout yn syn skriften is net altiten unifoarm: hy brûkt wurden fan ferskillende dialekten. Sa wikselet er de *o* mei de *e* ôf yn wurden lykas *bed*, *tredde*, *del*, *hel*, *help*, *smeltje*, *net*, *set*, *bret* (de *o* komt ornaris foar yn it Súdwesthoeksk en Boalsert lei foar 't neist op de grins tusken dat dialekt en it 'gewoane' Frysk). Krekt yn syn lettere wurk brûkt er sokke Súdhoekster foarmen.

Yn syn lettere stavering wreidet er de *uw* út op kosten fan de (wierskynlik súdwestlike) *oey* (*boeyte*). Dat docht er ek mei de *ou* foar de *n* yn âldere teksten (*roun*). De útwreiding fan de *uw* op kosten fan de *oey*, *ou* en *oe* (ploege) soe neffens Feitsma (1992, 32) lizze kinne oan de ynfloed fan it Aldfrysk (en fan de Burmania-sprek wurden fan 1614). Inkeld brûkt er ek wol foarmen út Hylpen: *Doayter*, *Doayt'ren* foar 'Dochter, Dochters' of *wale-bed* foar 'widze'. De Súdhoekster dialektfoarmen jouwe him de kâns om dêr syn literêre taal mei te ferrykjen. It op dy wize brûken fan dialektfoarmen past alhiel yn de geast fan de tiid. It wurdt sjoen as in renessânse-ideaal.

Soksoarte fan stribjen kriget yn lannen as Frankryk en Nederlân al rillegau konkurrinsje fan it krewearjen om in taal sûnder 'provinsjalismen' te skeppen. Oant yn de 18de ieu hat der sadwaande yn Nederlân noch hiel wat strideraasje west oer de fraach wat no it bêste Nederlânsk wie. In fraach dy't yn ús ieu wat it Frysk oanbelanget noch geregeld steld wurdt.

Oardering fan skriuwwize

It falt op dat Gysbert Japicx begjint om de *oa* en de *ea* (*broar*, *fordearre*, *pleats*) systematysk te brûken. Hoewol't de *oa* al hâld hat yn de Fryske tradysje, soe dat wize kinne op ynfloed fan it Ingelsk. Der wurdt yn dat ferbân wol tocht oan Franciscus Junius, in taalgelearde en keunsthistorikus fan ynternasjonale namme dy't by Gysbert Japicx gâns oantekening makke fan 17de-ieske Fryske teksten. Feitsma tinkt dat it Gysbert Japicx faaks wol oansprutsen hawwe sil dat guon wurden gelikens skreaun waarden yn it Frysk en it Ingelsk (*brea*, *dead*, *east*). Yn alle gefallen wike dy tekens ôf fan de haadstream yn de ûntjouwing fan de Nederlânske stavering. Frânske ynfloed is grif oan te wizen yn de dakjes dy't er brûkt op de *a*, *e* en *o*. Guon Hollanners brûke dy yn dy tiid ek wol, mar dan folle beheinder.

Feitsma (1992, 33; 1989, 252) freget har ôf wêrom't Gysbert de *uw* sa útwreidet.

Se tinkt oan in estetyske reden, mar ek oan it stribjen om it lûdsysteem wat unifoarmer te meitsjen ynstee fan alderhanne útspraakfariaasjes. It konsistinter brûken fan de *ea* op kosten fan de *æ* kin dêr ek op wize. Sa'n unifoarmer systeem kin er út ien dialekt helle hawwe, mar hy kin ek út ûnderskate tongslaggen byinoar fandeale hawwe wat fan syn gading wie. Dêrby bliuwt it de fraach wat er standerdisearje woe, de útspraak of inkeld de skriuwwize. Yn alle gefallen hat er it bûnte gehiel wat oarderje wollen. Dy *oardering*, dy *systematisearring* fan syn stavering is in wichtich elemint yn syn taalopbou.


Fryskere foarmen

Der spilet ek in tendins ta *ferfrysking* yn it wurk fan Gysbert Japicx. Men kin dan tinke oan staverings- en/of lûdferoarings yn wurden lykas *loanje* en *stoanje* mei *oa* ynstee fan de *eu* yn *leunje* en *steunje*. Mar ek oan it meartal *deagen* by *dey* mei *ea* yn it plak fan *dagen* mei *a*. En faaks ek wol oan de *j* yn *meysje* (ynstee fan *meitse*). Lykas it mei de Súdhoekster *o*-foarmen gong, hat de dichter dy foarmen foar 't neist wer út in oar Frysk dialekt helle as syn eigen. Feitsma freget har ôf wêrom oft er dat docht. Hat er de 'nije' foarmen moaier en karakteristiker fûn en hat er dêr syn literêre taal wer mei ferrykje wollen? Gysbert Japicx feroaret net allinnich syn stavering yn lettere ferzjes fan syn teksten. Wurden wurde ek feroare yn in Fryskere rjochting. Wurden as *praeterie*, *altijd*, *rotting*, *geande*, *streckt*, *tafel*, *evenwol*, *knecht* wurde ferfongen troch *pettear*, *steez-oon*, *gong-stoack*, *gonger*, *bruckt*, *ijtdisck*, *lyckewol* en *feint*. It is net sa maklik om nei te gean oft al dy 'Fryskere' wjer-gaders werklik brûkt wurde yn it deistige praat fan dy tiid of dat it teoretyske konstruksjes binne.

Hoewol't de feroarings yn Fryske rjochting geane, moatte se winliken fan in oantekening of merkteken foarsjoen wurde. Se binne mear 'markearre' en minder algemien. By de measte 'nije' wurden sjocht Feitsma net allinnich in stribjen nei Fryskens, mar ek nei poëtyske wurking en literêre sier. De ferfryskings tsjinje de taalbou en it kulturele, literêre karakter fan it wurk.

Stribjen nei taalútjouwing

Gysbert Japicx befoarderet datselde kulturele, literêre karakter ek troch it brûken fan gearstallings en ôfliedings dy't foar in grut part lykop rinne mei de gearstallings yn de Nederlânske literêre teksten fan dy tiid, mar



Hânskrikt fan Gysbert Japicx, dat bewarre wurdt yn Oxford. It is de wurktekst fan in fers dat letter mei de titel 'Wobbelke' ferskynt yn 'e 'Rymlerije'. (Ut: Skriuwers yn byld I: Gysbert Japicx 1603-1666. Gysbert Japicx Komité 1666-1966 en FLMD, Amsterdam 1966).

dan mei in Frysk jaske oan. Nei analogy fan dy besteande gearstallings foarmet de dichter sels wer nijen: *gloer-ægjende, gloar-glanze*, ensfh. Guon draait er gewoan om en dan hat er wer in nij wurd: *æggloerckjen, rea-schamme, gruw-n'-djiep, tinck-quea, eag-pinckjen, æg-blier-mijlde, blier-eage, mock-lægen*, ensfh. Inckelhertig liket (nij)foarme te wêzen as tsjinstelling ta 'dûbelhertich'. Somtiden is der rym of alliteraasje mei anneks: *glanz-gloarjend, gruw-nig-buwnig, grijm-growwle*.

Ut soarte is de dichter ek bekend wurden om syn hiele lange en gearstalde wurdkeppelings: *slomm're-eag-pinck', blyhertsgruwne, herts-njue-gruwnigh, inckelhertigh-gol, eag-dripp'stirt-reyne, glanz-op-deagjen*, ensfh.

Foar in part is it faker brûken fan de *e* efter in substantyf grif in kwestje fan taalboutribjen, mar it sil foar in oar part ek te tankjen wêze oan de (hegere) tekstsoarten dêr't se yn te finen binne: *ezele, wirt'le, blixeme, tongre, keamere*. Ta it hegere, kulturele aspekt fan it taalgebrûk hearre ek meartallen as *Heerne'*, *wolckene* en de ûnfolsleine doctiden *winsckne'*, *hipplene, widdene, noamene, mochtene*. Dat jildt ek foar guon ôfliedingsútgongen op *-e*, yn *bruwckne, stiltme, âderdomme, ballingschippe, silligheite, wijldernisse*, ensfh.

It liket derop dat Gysbert Japicx de grammatikale struktuer fan de *je*-tiidwurden dúdliker útkomme litte wol troch by tiidwurden as *meitse/meitsje*, dy't wat de bûging oanbelanget by de *je*-tiidwurden hearre, in *j* ta te heakjen. Hy lit dêrmei de 'grammatikaal korrekte' *je*-útgong sjen. Troch sa'n feroaring wurdt de grammatika regelmjittiger, út hokfoar dialekt oft sokke foarmen ek helle wêze meie (Feitsma, 1992, 37-39).

Gearfetsjend kinne wy by Gysbert Japicx in taalnoarm ûnderskiede:

- (1) sûnder dúdlike *dialektseleksje* as dialektfoarmen in ferriking fan de literêre taal betsjutte kinne (Súdhoekster foarmen wurde sadwaande net mijd);
- (2) mei in *standardisearringstendins*, omdat er
 - a. it lûdsysteem *uniformearret* (beheining fan útspraakfarianten),
 - b. syn stavering *systemisearret* en *oarderet*,
 - c. grammatikale ferskynsels ('*meitse/meitsje*') *regelmjittiger* makket;
- (3) mei in *ferfryskingstendins* yn stavering en taal (en mei in *distânsjekarakter* foar it Hollânsk oer);
- (4) mei romte foar *nijfoarming* fan wurden (taalútbou).

In nij identiteitssymboal

Wylst neffens Feitsma de midsieuske skreaune tradysje yn it Frysk in symboal fan Fryske identiteit is yn de 17de ieu, skeppe de taalkundige en literêre pretinsjes fan Gysbert Japicx syn wurk in nij symboal foar de Fryske identiteit en taalideology fan lettere generaasjes. Sûnder watfoar stipe fan hokfoar offisium dan ek hawwe de stavering, de taal en de literêre sjenres fan Gysbert Japicx in grutte ynfloed op de frij beskieden literêre produksje yn it Frysk yn de 17de en 18de ieu, benammen op de serieuze literatuer. Dy ynfloed sil trochgean oant it begjin fan de 19de ieu, ek al komt de útspraak dan net mear alhiel oerien mei Gysbert Japicx syn stavering (Feitsma, 1989, 1992).

De Fryske en literêre taalnoarm fan Gysbert Japicx hat it Fryske selsbesef as ideologyske eftergrûn. Om dy reden kin Gysbert syn 'elitêre' noarm wer ynfloed hawwe op ûnderskate lettere skriuwers. By it sykjen nei de oarsprong fan de Fryske noarm kinne wy net foar dizze grutte skriuwer wei. Krektoarsom: hiel lang is de Gysbert-noarm suver de ienichste, al fine wy ek al ier in oanset ta in mear 'demokratyske folkstaalnoarm' by de klassikus Johannes Hilarides (1649-1725).

Johannes Hilarides

Hilarides wurdt yn 1699 rektor fan de Latynske skoalle te Boalsert en hat bewûndering foar Gysbert Japicx. Mar syn ideeën oer de funksje fan taal en literatuer binne minder literêr en mear op 'it folk' rjochte. Hy jout gâns omtinken oan dialekten en is in tsjinstanner fan in unifoarme Nederlânske standerttaal. Om dy reden komt er ek op foar it Stedsfrysk. Hy liket syn taalnoarm benammen te grûndearjen op wat de minsken 'sizze', op de sprektaal fan de lju.

Yn syn *Naamspooringen van het Platte Friesk* jout Hilarides omtinken oan ûnderskate farianten sa't dy yn ferskillende streken en sosjale klassen brûkt wurde. Foar *tsjerke* neamt er bygelyks: *tserke, serke, tsarke, sarke, tjerke*. Efteryn de 'Naamspooringen' stiet in lyts stikje grammatika. Dêryn set er de 'libbene' taal fan syn tiid sintraal.

Gysbert Japicx en Johannes Hilarides geane beide út fan de taal sa't dy praat wurdt troch tiidgenoaten, mar Gysbert Japicx skept in noarm dy't er basearret op de (Nederlânske) literêre en religieuze tradysje, wylst Hilarides dy yn guon fan syn

Besprek

teksten by de taal fan de gewoane minsken weihellet (Feitsma, 1982, 135; 1992, 257-258). In ferskil yn fyzje dat wy letter by oaren wer tsjinkomme sille.

(tenei mear)

Bibliografy

Bartsch, R. (1987)

Norm of Language. Theoretical and Practical Aspects. London/New York: Longman.

Feitsma, A., R. Ferwerda, P. Gerbenzon e.o. (1965)

Johannes Hilarides en syn Naamspooringen van het Platte Friesk, diel I. Grins: Frysk Ynstitút oan de R.U., [Estrikken, nû. XXX-VII].

Folsleine titel: *Naamspooringen van het Platte Friesk zijnde De Oude Friessche Lantstaale: In de Oorsprongen opgezocht. In taalgronden verklaard. Om De Krachtige Beteekeninge des zelve, als het Weezentlijkste der Taalen, ujt de Oude gewoonten, Wetten, Plechtigheeden; ujt de Taalwoorden en Spreekwijzen, aan te merken.*

Feitsma, A. (1967)

'Gysbert Japiks tusken Frysk en Nederlânsk'. Yn: *Us Wurk*, jrg. 16, 1-22.

Feitsma, T. [= A.] (1982)

'Oer bûkbesprekken'. Yn: *Fryx*, jrg. 3, 8-9.

Feitsma, A. (1987)

'Geschiedenis en karakter van de friese norm'. Yn: J. de Rooij (red.), *Variatie en Norm in de Standaardtaal*. Amsterdam: P.J. Meertens-Instituut, 57-70.

Feitsma, A. (1989)

'The History of the Frisian Linguistic Norm. Yn: I. Fodor & Cl. Hagège, *Language Reform. History and Future*. Vol. IV. Hamburg: Helmut Buske Verlag, s. 247-272.

Feitsma, T. [= A.] (1992)

'Gysbert Japicx os taalbouwer (lêzing hoden yn Bolsert op 23 augustus 1992 by gelegenheid fon it Monúmint fon de Mwanne Gysbert Japicx)'. Yn: *Tydskrift foar Frysk Taalkunde*, jrg. 7, s. 29-53.

Hiemstra, S.T. (1995)

'Noarm en Standert. Utstellen foar in standert fan it Frysk.' Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 66, nû 1, 12-14.

Schaaf, Sj. van der (1977)

Skiednis fan de Frysk biweging. Ljouwert: De Tille.

Tamminga, D.A. (1981)

Fan hearren en sizzen. Ljouwert/Leeuwarden: Friese Pers Boekerij bv.

* Mei tank oan dr. A. Feitsma foar har kommentaar op in eardere ferzje fan dit artikel (en it ferfolch) en har suggestjes foar ferbetterings.

Boekewikegeskink dit jier in heal boek

Besprek fan:

Akky van der Veer en Baukje Wytsma, *It swurd fan Lytse Pier*. Yllustraasjes: Karin Poiesz. Omslach: De Vries & Luiks. Friese Pers Boekerij, Ljouwert, 1997. Aksjeboek foar bern 1997, nû. 11. 55 siden. ISBN 90 330 10711. Foar bern fan 10 jier en âlder. Priis f 12,50.

De Stichting It Fryske Boek hat in reputaasje heech te hâlden as it giet om de kwaliteit fan it berneboekewikegeskink. Utsjitters fan de ôfrûne jierren wiene *It*



hûs fol ferhalen fan Mindert Wynstra en *Achlum Nobusco* fan Eppie Dam. It byldwurk makke *De Kilekanen* fan Laura Lava en Berber van der Geest en *Grutte Giele en Lytse Loer* fan Marianne van Tuinen en Riemkje Hoogland-Pitstra ta boeken dy't noch hiel lang tige de muoite wurdich wêze sille.

Elts ridlik minske sil begripe dat it net alle jierren raak wêze kin, dat it wie te ferwachtsjen dat der ris in minder boek ferskine soe yn de rige berneboekewikegeskinken.

It presintsje dat dit jier weijûn waard yn 'e berneboekewike hat as titel *It swurd fan Lytse Pier* en is skreaun troch Akky van der Veer en Baukje Wytsma.

Haadpersoan is Pier, in jonkje fan alve jier. Op skoalle wurdt er pleage troch in pear jonges út syn klasse. Thús wierret him alles ek net mei. Hy wurdt as in beuker behannele troch syn mem, mar benammen troch syn buorfrou. Pier kriget hast in hekel oan himsels dat er him as lyts bern oansprekke lit. Buorfrou hat in ferskriklik bernige trui foar him breide mei in ôfbylding fan Bear Boeloe derop, mar hy doart net foar syn miening út te kommen. In sitaat:

Hy is foaral liik op himsels. Om't er net doart. Om't er sa'n bangeskiter is. Hy hie it gewoan tsjin buorfrou sizze moatten. Fatsoenlik sizze: 'Hear ris, buorfrou. Ik bin gjin beuker mear, ik bin alve jier. As jo mar net tinke dat ik dizze trui oan doch. Ik wol net in trui mei in bear derop ha.' Mar wat wol er dan ha? soe se miskien freegje. En dan stie er wer mei de mûle fol toskan. Want dat doarst er noait in kear te sizzen. Pier wol eins in freon hawwe. It jonkje wurdt ferskriklik narre troch syn klasgenoaten en ek de master docht der oan mei. Pier kriget sels de skuld fan it trelit yn 'e groep. As de oare jonges út 'e klasse syn spikerbroek weibargje, foeteret master him út: 'Wat binne dat foar nuvere kluchten!' snaut er. 'Ik ha sa stadichoan skjin myn nocht fan dy!'

Yn 'e rin fan it boek kriget Pier yndied in freon. It is de Indië-feteraan Sikke Brolsma, in man dêr't fan sein wurdt dat er minskeskou is. De âld-militêr hat in Yndonesysk swurd, in klewang, yn 'e keamer hingjen. Pier dreamt derfan dat er mei dat swurd de minsken dy't him sa slim narje noch ris efternei sil. De dream is ynspirearre troch in besyk oan it Frysk Museum, dêr't Pier mei syn klasgenoaten it swurd fan Grutte Pier sjoen hat. Sûnt dat besyk is syn bynamme Lytse Pier.

Yn it boek binne in pear skiednisleskes befrissele oer Grutte Pier en de tiid dêr't dy in libbe. It tema fan 'e berneboekewike wie 'de tiidmasine'. De bedoeling sil grif goed west hawwe, mar de skiednislessen oer Grutte Pier en de polisjonele aksjes yn Ynje binne der soms wat byskuord. Op guon siden wurdt tefolle útlein.

De grutste tekoartkomming fan *It swurd fan Lytse Pier* fyn ik dat it in heal boek is. Pier wurdt ferskriklik narre en syn freon Sikke, de feteraan, toant begryp foar him en besiket him te learen om mei syn negatieve gefoelens om te gean. Mar it boek suggerearret ek dat Lytse Pier syn problemen oplost wurde. It jonkje kriget fan Sikke in stientsje dêr't in geheimsinnige tsjoenkrêft yn sit. Hy mei der mei gjinien oer prate. De stien hat Sikke yn it ferline holpen om it fan in aaklike sykte te winnen. As Pier narre wurdt, moat er it mar yn 'e hân hâlde. *'It stientsje sil waarm wurde. Ast dat fielt, tinkst oan my. Ofpraat?' Pier knikt. 'Ast deryn leaust, dan helpt it... No do.'*